

Ref: AdJ/cn

Postbus 53
8900 AB Ljouwert**KANTOARADRES**Bûterhoeke 3
8911 DH Ljouwert

+31 (0)58 234 30 70

ynfo@afuk.nl

www.afuk.frl

Feriening Frysk Underwiis
t.a.f. it bestjoer fan de FFU, de hear drs. S.T. Hiemstra

ffupost@hotmail.com

Ljouwert, 17 desimber 2019

Achte bestjoer fan de FFU, achte hearen Dykstra, Hiemstra en Knotter,

Yn earsten tige tank foar jo skriuwen fan 18 novimber lêst yn, dêr't de FFU yngiet op de noarm fan it Frysk yn it algemien en yn it bysûnder fan de Afûk. Jo geane yn dit skriuwen wiidweidich yn op 'de Komakorrektor', de debútroman fan Baukje Zijlstra.

Wy fine it, lykas jo, belangryk dat minsken tagong hawwe en de mooglikheid krije om it Frysk op in goeie wize har eigen te meitsjen, leafst mei moai en deeglik lesmateriaal, betûfte dosinten dy't ûnderlein binne, en dy't de Frysklearders hantrekken dwaan kinne wêr 't sy Frysk leare en tsjinkomme kinne. Us kursusmateriaal wurdt ûntwikkele troch de Afûk. It lesmateriaal foar it ûnderwiis ek, mar dat dogge wy yn gearwurking mei Cedin en mei help fan minsken út it 'fak' sadat wy ek goed oanslute by de doelgroep. Al dat materiaal wurdt korrijearre foar't it online giet, of printe wurdt. Fierder wize wy elkenien fansels op de (digitale) wurdboeken en taalhelpmiddels.

Foar de útjeften lykas romans, dichtbondels en (printe)boeken besykje wy sa geef mooglik Frysk te brûken, mar wy dogge dat altyd yn oerlis mei de skriuwer (dy't dêrby it lêste wurd hat) en mei de doelgroep foar eagen. Dat kin betsjutte dat wy ek sprektaal of dichterlike frijheden opnimme.

Jo brief lit sjen dat wy ús faaks frijheden permittearje dy't yn de eagen fan it FFU fierder gean dan dat sy winsklik achtet. Dat is ferskil fan ynsjoch. Dat wol net sizze dat wy jo kommentaar fan siden lizze. Wy binne wiis mei jo skriuwen: it hâldt ús skerp om nei in goed lykwicht te sykjen foar al ús útjeften en foar al ús uteringen, mûnling, digitaal lykas op sosjaal media as ek by ús útjeften op papier.

Mei freonlike groetnis,

Alex de Jager, direkteur